

PARSEBERJOCHT

Kultuerferlies: Fryslân fan 1989 oant 2018 – En oare essees

De Amsterdamske skriuwer Friduwih Riemersma rjochtet har analytyske krêft op de meast penibele feroaringen yn it Fryske kulturele lânskip en iepenet nije finsters.

De skriuwer stapt oer it alâlde debat fan behâld of oanpassing hinne. Kulturele fitaliteit hat yn har fisys net sasear te meitsjen mei it yn libben hâlden fan wat jo altyd kuozze ha, noch mei it ferwolkmjen fan 'e ûntsjinkearber achte globalisearring, mar mei in goed wurkjende demokrasy. Hja wiist kear op kear kultuer oan as de Achilleshakke fan *nation-building*. De efterstelling fan de Fryske kultuer is gefolch fan it mei de macht fan de oerheid konstruearjen fan Fryskwêzen en ienheid, dat syn beslach krijt troch populêr bewâld, mainstream programma's en eigen reklame.

It Heareakkoart liet foar it earst dúdlik sjen hoe't kultuer út de publike sfear weihelle wie: 'It argumint dat it proses net demokratysk wie giet [deputearre] Liemburg sa út de wei: "As Wiegel alles neffens de rigels dien hie, hie Fryslân niks mear oer hân."' Dêrneist hat de ekonomistyske aginda kultuer werombrocht ta materiële faktoaren. Dat beheinde de partisipaasje fan de boarger fierder, fan it produsearjen en distribuearjen fan kultuer nei lotter it konsumearjen derfan. Yn sa'n bestek is gjin plak foar keunst, mar nammerste mear foar massafestivals lykas it kulturele haadstêdevenemint.

Dat ûnderwilens de wet Gebrûk Fryske taal it Frysk beskermet en de Rie fan Europa de Fryske minderheidskultuer is in yllúzje: 'Al mei al wol it hânfêst dat de minsken wat Frysk brûke yn de publike romte, makket net út hoe, dus fia in hânfol formele kanalen en in pear folkloristyske rituelen is goed genôch.' Lykwols soe in sivile macht, dêr't de skriuwer oertsjûgjend foar pleitet, it kulturele minskerjocht opeaskje kinne, om sa fierdere ôfbraak fan de minderheidskultuer te kearen.

Riemersma wit dat kultuer in needsaak is foar de ûntjouwing fan de minske: 'Alle minsken ha it rjocht om har eigen kultuer foarm te jaan en oer te dragen.' Dêrút folgje diversiteit, demokrasy en artistike frijheid—termen dy't yn dizze essees gjin grutte wurden binne mar klearre karstiennen.

Auteur: Friduwih Riemersma
Titel: Kultuerferlies: Fryslân fan 1989 oant 2018 – En oare essees
Utjouwer: Grotesk, Amsterdam, 2016
ISBN: 978 90 825762 0 7
Priis: € 12,50

Friduwih Riemersma
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam
020 693 86 31
friduwih@gmail.com